

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 47



© foto Atse Bruin

Tsjaerddyk 47


Yn 1870 is der in tekoart oan bougrûn yn Folsgeare. Timmerman Pieter Willems Twijnstra tsjinnet dêrom in fersyk yn by de tsjerkfâden om njonken de Tempel, yn it hôf fan'e pastorypleats, in hûs bouwe te meien.

It fersyk wurdt tastien mei in erfpacht fan fjirtich sinten yn it jier. It hûs kriget, lyk as de Tempel, rjocht fan paad lâns de eastkant fan'e nije smidderij nei it stalt oan'e Tjaardfeart.

Yn 1871 is it hûs njonken de Tempel klear (kadaster nr. 632). Gerrit Willems Twijnstra, broer fan timmerman Twijnstra en widner, wurdt mei syn bern de earste bewenner fan it hûs. Gerrit is timmerfeint by Pieter Willems en wennet no tsjinoer syn broer Freerk Willems Twijnstra (Tsjaerddyk 42) dy't kûper is.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 47



Folsgeare
1887

afb Kadaster

Yn 1872 giet Pieter Willems Twijnstra fuort út Folsgeare. It hûs dêr't Gerrit Willems wennet, komt yn'e ferkeap. It wurdt kocht troch Sjoerd Hendriks Kuperus, dy't nei de keap ferklearret dat hy de wenning kocht hat út namme fan Gerrit Willems Twijnstra.

Gerrit Willems trout opnij yn 1873 mei Sjuttje Bergstra út Easthim. Se bliuwe yn'e wenning oant 1887. Dan giet de húshâlding nei Goutum, it hûs wurdt ferhierd.

Yn juny 1901 wurdt it hûs ferkocht oan Kornelis Jongbloed, kolporteur út Amsterdam. It ferskil tusken de grutte stêd en in lyts doarp as Folsgeare, is lykwols te grut foar Cornelis. Hy ferkeapet it hûs yn desimber fan itselde jier al wer en giet werom nei Amsterdam.

De nije eigner wurdt Foppe Freerks Abma, in echte Folsgeaster. Foppe of 'lytse Foppe' sa't hy meast neamd waard, is in net troude boer út Nijlân. Hy moat it út reden fan syn sûnens rêstiger oan dwaan. Yn Folsgeare wenje mear Abma's en hy fielt him der thús. Syn sûnens giet lykwols stadichoan efterút en hy ferstjert yn 1912 op 58-jierrige leeftyd yn Drylts by syn famylje.

Nei it ferstjerren fan Foppe komt it hûs wer yn'e ferkeap. It wurdt kocht troch Ruurd Teades Abma (boer op Carpe Diem) en Fedde Feikema (keapman út Snits).

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 47

It hûs wurdt ferhierd oan Epeus Kamstra en Abeltje Hoekstra dy't der oant 1913 wenje. Dêrnei komt it krekt troude pear Fake Huisman en Nienke Posthuma yn'e wenning.

Yn 1915 keapet Ruurd Teades Abma ek de helte fan Feike Feikema. Hy is dan eigner fan it hiele pân.

Jan Bootsma wennet der in skoftsje en Sietze Ykema wennet der fan 1927 oant 1938.

Fan 1938 ôf binne Sjouke de Groot en Jetske Visser de bewenners fan Tsjaerddyk 47.

De Tsjaerddyk mei
rjochts nr 47

foto db Folsgeare



De jagers:
f.l.n.r Sjouke de
Groot/ Klaas
Nijholt en Klaas
Kramer

foto Wybren Sweering

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 47

Njonken it hûs wurdt yn 1954 in transformatorhúske boud op it âlde terrein fan De Tempel, ticht tsjin it hûs oan dêr't Sjouke de Groot wennet. Dit gebou is no Tsjaerddyk no 45.

Yn 1955 wurdt Sjouke de hier opsein en hy ferhuzet nei it tsjerkehûs oan'e súdkant fan'e Tsjaerddyk (no de berging fan famylje Hein Damstra).



Nei't it hûs opknapt is, komme yn 1956 Ruurd Taedes Abma en Johanna Abma-Speerstra der te wenjen. Ruurd Taedes is de âldste soan fan Jelle Abma en Doutje Bouma.

Jelle en Doutje ferlitte yn 1965 de pleats oan'e Folsgeasterleane 15 en ferhúzje nei deTsjaerddyk. Ruurd en Johanna nimme de pleats oer.

Jelle giet hast daagliks op'e fyts efkes nei de pleats om farske molke te heljen. Sa hat hy in reden om efkes in slach om te dwaan.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 47



Jelle Abma mei de molkamer oan it stjoer ûnderweis nei de pleats.

foto db Folsgeare

Yn jannewaris 1984 ferstjert Jelle Abma en syn frou Doutje wennet op'e Tsjaerddyk oant har ferstjerren yn novimber 1988. Nei't se weirekke is, wenje Petrus Dijkstra, syn frou en haren soan yn'e wenning oant 1994. De húshâlding ferfart dan nei Tsjaerddyk 37.



foto Atse Bruin

Neidat Michel Brattinga en syn freondinne in pear jier yn it hûs wenne ha, wurde Tjeerd Scholte en Akke Hofstee fan 1988 ôf de eigners fan'e wenning, dy't op dizze foto noch ferskûle tusken it grien stiet.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 47

De wente hat ûnderwilens in hiel oare útstrieling krigen.



foto's Wytske Heida



Tjeerd en Akke geane ein 2021 nei Boalsert ta en it hûs kriget in nije eigner.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Wybren Sweering, Atse Bruin, Wytske Heida, db Folsgeare, kadaster

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 47

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.